


In tiid fan reuzen

Colm Ó Ceallacháin



Oersetting: Liuwe Westra

oarewurden
||| |

focaileeile
||| |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



In tiid fan reuzen

Colm Ó Ceallacháin

Hja hie altiten al in simmerbrulloft hawwe wollen. Foar Caitriona wie in simmerbrulloft wat alderraarste moais, in blom dy't mar ien kear yn in minskelibben bloeide. Dat leaude se fêst, want se hie derby west, dy neare augustusmiddei, doe't har suster Máire troud wie, jierren tebek. Al hie se doe noch mar fyftjin west, it iennichste breidsfamke, dy dei stie har noch klear foar eagen. It hoteltsje oan Parnell Street koe gjin kop mear by, mar yn 'e lette jûnssinne hiene de tunen oan 'e efterkant har in wolkom ûntwyk bean út 'e drokte. Dêr hie se, eefkes in amerij op harsels, sitten te harkjen nei it ûnbedimme laitsjen en it gekeakel binnendoarren.

Noch in set letter, doe wiene de toanen fan in stadich songen wyske troch it iepen sliepkeamersrút op har ta driuwen kommen. In buoike midden yn 'e nacht hie har nei datselde rût ta lutsen om de rûnom opwâljende swietrook fan klematis en gardenia op te snuven, de blombêden dêrûnder, krekt as har, wekkerroppen troch it reinwetter. De oare deis, ien mei gâns dachsizzen, wie ôfrûn doe't it jonge pear de dyk oerstiek om de trein nei Galway te nimmen. Doe bleau der foar Caitriona en har mem oars net oer as it eintsje werom te rinnen nei hûs, dêr't it nei dizze jûn stiller wurde soe, sa sûnder Máire.

‘Wa sil ik neist Máire en Pádraig delsette?’

It wie tsien jier nei de brulloft fan har suster, en no wie Caitriona dwaande om de sitterij foar har eigen te regeljen.

‘Doch dêr oars de muoikes,’ sei har mem. ‘Komme se op in oar plak te sitten, dan begjinne se dochs te tsieren.’

Jitris lies Caitriona de kaarten oer dy't se op 'e post dwaan soe, mei goudene letters dy't, sa miende se alteast, har lok oan 'e hiele wrâld ferkundigen.

Caitriona en Máirtín noegje jim fan herten út om harren houlikstsjinst by te wenjen yn 'e tsjerke op Mount Saint Alphonsus op snein, de tweintichste fan Heamoanne 1969, de middeis om 2 oere.

Letter soe se Máirtín noch wol opbelje om de lêste dingen mei him te bepraten. It wie net folle wurdich om no krekt sechstich myl byinoar wei te sitten, mar se wist dat se dat ein gau efter har litte soe om har eigen húshâlding te begjinnen yn in stêd dy't foar har noch ûnbekend gebiet wie. Hja hie ta dat doel mei alle wille har skoaljuffersbestean opjûn, mar se soe har mem al misse, dy't al widdo wie fan Caitriona har bernejierren ôf, en in frou dy't no allinnich yn 'e hûs wêze soe. Mar Caitriona wie lokkich, en ek wat oerémus, mei it idee foar eagen om in nij libben te begjinnen mei de man dêr't se fan hold.

Máirtín wie oan 't krantlêzen doe't de sirene gie. Hy seach op, mar net ien ferweegde. Hy moast noch wat thús wurde oan dizze nije bân, dêr't se de Escorts makken, en hy tocht der goed om dat hy net as earste wer nei it wurk ta rûn.

It wie net dat er safolle stadiger wie as syn maten, manlju dy't dizze auto's wakker tefreden yn elkoar liken te setten as se dêr in sin by hiene, mar as nijkommer moast er hieltyd al har grapmakkerij ferneare.

‘Wannear is jim trouwerij?’

Dat wie Nedser, de nestor fan harren bân.

‘Tweintich july,’ antwurde er.

‘Dan sille se hast ek foet sette op 'e moanne,’ sei ien.

‘No, dat liket der dan mar op foar ús,’ sei Máirtín.

‘As se dêr oankomme al ja, mar as se de moanne no ris straal foarby fleane?’

Willie, dy't dy lêste opmerking makke hie, wie wat in grapjurk, en Máirtín wist dat der mear fan 't selde komme soe as er dêr net gau mei ôfweefde.

'It komt grif hielendal klear,' seid er.

'Dat sil 't grif, mar kinst better soargje datst' dy nachts sels net by it doel troch rekkest,' sei Willie.

It duorre net lang, of elk die in sint yn 'e pong.

'Gewoan op har fersnellingsbak pikke.'

'Tink mar datst' klinknagels yn in Cortina hufst.'

Krekt as oars wie Máirtín bliid dat er wer oan 't wurk koe.

Mei't er wer nei syn bân ta gie, rôp Nedser him eefkes fansiden.

'Ik haw wat foar dy,' seid er, wylst er in bûsdoek foar 't ljocht helle en dy Máirtín yn 'e hân lei.

Doe't er dy iepentearde, seach Máirtín dat it in grutte sulveren medalje wie. Mei stûkjend lûd gie Nedser fierder.

'Dy haw ik no tweintich jier, sûnt '49, doe't wy de Ginneraal syn sulveren jubiléum fierden. It wol jin hast net oan dat hy no al fiifenfjirtich jier oer ús steld is, mei God him liede.'

'De duvel silst bedoele, dy âlde smearlap yn 'e bernskens.'

Willie, dy't it petear ôfharke hie, sloech de mûle deryn.

'Nei de duvel mei dy hiele smoarge bringst dy't mei him weirint,' gied er fierder. 'Omtrint tachtich, en noch miene dat er tsjin 'e Bleeksketen fjochtet.'

'Tink om dyn wurden,' warskôge Nedser Willie, wylst er beskermjend in hân boppe syn medalje hold.

Máirtín fielde de skerpe kanten yn syn fel pjukken doe't Willie wer begûn.

'Tinkt er soms dat de Yankies him ek noch keazen hawwe om efter it stjoer fan 'e Apollo as Armstrong en Aldring op 'e moanne út kuijerjen geane?'

'Tink derom,' sei Nedser wer, mar Willie rûn al wer fuort, wylst er noch wat yn himsels lake.

Nedser hie him noch net loslitten, of Máirtín draaide de medalje om op syn hân. Doe't er de ynskripsje lies, in waanwiis en wetich stik loftrumpetterij, frege er him ôf hoe't er Nedser dúdlik meitsje koe dat er gjin ferlet fan soks hie. De man hie machtige freonen yn 'e beweging, en útsein Willie hie nea ien de Ginneraal misledigje doarst yn syn bywêzen.

'Tankewol, Nedser,' wie alles wat er by einsluten útbringe koe. 'Dit is al in grutte eare foar my.'

'Graach dien, jonge. Hast' him no genôch besjoen?'

Mei in temûke sucht fan ferromming bewuolle Máirtín it stik izer wer yn 'e bûsdoek. Hy krige der inkeld mar in glim fan te sjen, as ien fan 'e safolle pylgers foar it relyk fan in hillige. Doe't Nedser it wer yn 'e bûse dien hie, spriek er Máirtín wer oan.

'Lit my dy ien goeie ried jaan foar dyn troudei. Jim jongelju witte net hoe wichtich oft sokke dingen binne, mar tweintich july is in grutte dei, de Ginneraal syn dei, de dei dat er oan 'e macht kaam. Doch dy bysûndere gelegenheid gjin ûneare oan mei jim eigen feestje, Máirtín. Sykje in oare dei út om te trouwen.'

Op 'e hoeke fan Thomas Street stie Caitríona op Máirtín te wachtsjen, dy't krekt as ornaris de lette kant neist wie. Hja hiene der sa'n gewoante fan makke om elkoar dêr te treffen, de kearen dat Máirtín op besite kaam, sûnt de dei dat se dit plakje útkeazen hiene foar har earste ôfspraakje tegearre. De roeiferiening hie him yn earste opslach nei de iggen fan 'e Shannon ta lutsen, al wie it de dûnserij nei ôfrin fan 'e wedstryd dêr't jonge leden as Máirtín har it measte op fergappen. Letter hiene der noch wol mear feesten mei dûnsjen west doe't it mei him en Caitríona al grut spul wie, dûnsjen dat faak oan 'e moarntyd ta duorre.

Máirtín brocht har dan moarns yn 'e regel wer nei hûs, neidat er in pear tútsjes stellen hie, om dan op 'e earste bus nei Cork te springen en dêrwei streekrjocht nei it wurk. Doe't er dan einlings oankommen wie, setten se hjoed ek wer op har hûs ta, mar no wie dat om de lêste dingen foar harren trouwerij te regeljen.

'Wat is deroan?' frege er har, doe't se dat út rûnen.

Hy hie har ûnrêst al fernommen op it stuit dat se inoar troffen. Earst sei se neat, wylst se gewoan neist him rûn krekt as altiten. Hja wie noait sa hantsjebeethâlderich, net fanwegen ien of oare nuvere beskiedenheid mar omdat syn selskip allinnich har al geniet genôch joech. Al wie se net fan doel om foar it trouwen mei him op bêd, se wie ek net keken. Hoe dan ek waard der oer soks mar kwalik praat troch de troude froulju om har hinne, en kaam it praat der al op, dan yn 'e regel net oer 't moaie derfan. Elke foarm fan geslachtsmienskip waard ôfmalke as in krús dat hja as jimmeroan lijende froulju mar hiene te dragen. Caitríona koe mar min oer sok leechlizzend lekskoaien, want se woe har eigen dingen en dat wist se mâle skoan. Elk amerijke dat se tegearre hiene soe se mei har man meinimme, hoe knoffelich oft it earst ek wêze mocht om sa mei elkoars lichem yn 'e kunde te kommen.

Omdat se him fuort noch net antwurde, frege Máirtín it Caitríona noch mar ris.

'Wat is der te rêden, leave?'

Hja bleau evenredich mei him yn 'e stap doe't se beskied joech.

'Ik woe der net oer begjinne foardat wy thús wiene, mar it jout no neat om it foar my út te skowen, bin 'k bang. It hotel hat ôfsein foar de resepsje.'

Máirtín hie wol sawat syn eigen manier om mei de tsjinstuiten fan it libben om te gean. As de dingen no eefkes net bjusterbaarlik wiene dan soe it wol gauftich better wurde, of yn it slimste gefal sa bliuwe. En as it dan minder waard? Och, dan binne wy yn alle gefallen sûn. Of wy moatte earder deagean, fansels. Mei oare wurden, hy hie erflik de swierste ein balke beet. Caitríona lykwols, dy't de dingen altiten like licht naam, begûn suver al wat ynfloed op Máirtín te krijen, en in hoeden optimisme klonk no al wat yn syn antwurd troch.

'Wy kinne altiten in oar hotel sykje.'

'Begrypst it net,' sei se, wat wrantelich. 'Der is gjin hotel yn it lân dat ús op dy dei hawwe wol, en dan om sa'n stomidioat gedoch.'

'Lit my ris riede – om stil te stean by fiifenfjirtich jier ûnder de knoet fan de grutte man sels. Op tweintich july is it ferbean om wille te meitsjen, en brulloften meie alhielendal net. Hoera foar de Ginneraal!'

'Ik soe him de skriele nekke wol omdraaie wolle, dat stik fertriet. No moatte wy wol in oare dei útsykje.'

'En dan ek in oare pryster. Hiest net sein dat Séamus mar in pear dagen thús wêze soe?'

Caitríona har omke Séamus, in misjepater, soe harren trouwe. Hy hie no al tsien jier om utens west, en syn oarder hie him in pear dagen ferlof gund sawat om 'e brulloft hinne. Wilens wiene se by Caitríona-en-dy oankommen, mar Máirtín bleau stilstean foardat se deryn soene.

'Hasto hjir al mei jim mem oer praat?'

'Ik woe it earst oan dy fertelle.'

'Moai. Dan sizze wy dat de brulloft mei in fjirtjin dagen gewoan trochgiet, sa't wy bepraat hiene.'

'En it hotel dan?'

'Gjin drokte om meitsje. Wy hâlde wol in rêstich feestje op in oar plak.'

'Bist dêr wis fan, leave?'

'Wat kinne se deroan dwaan, ús yn 'e sel goaie?'

'Dat sil 't wol net. Dus dan sis ik it mesyk ek ôf.'

'Ja, doch dat mar. Faaks kin Máire ynstee wol in pear wyskes sjonge.'

'Wolst dat al ús gasten útnaaie?'

'Safolle wurde dat no dochs al net mear, ommers. Sa't it no liket kinne wy de resepsje wol by jim mem yn 'e keamer hâlde.'

De oare moandeis yn it middeisskofft waard Máirtín by syn haad op kantoar roppen. Dêr sieten twa minsken op him te wachtsjen dy't er net koe – in grouwe, kealeftige man fan in jier as fjirtich en in âlderrenien mei eagen dy't troch smelle skreefkes Máirtín by it ynkommen al opnamen. Wat moasten dy blaumiggen fan him, ferrek noch oan ta?

'Gean sitten,' sei syn haad, wylst er in segret opstiek en sels efter syn buro sitten gie.

Máirtín siet noch mar kwalik, doe fielde hy in ekstra druk op 'e stoel, omdat de grouwe efter him stean gien wie en no de hannen op 'e bekling lei. Máirtín line foaroer, mei't er besocht om sels in justjes oanroeren fan dy stompe, hierrige fingers te mijen.

'Dyn lêste wurkwike as frijfeint,' sei it haad, wylst er him yn 'e stoel útriek.

'Sa is 't. Dan kom ik oan it tsjoar.'

'Ik sjoch datsto fjirtjin dagen frij nimst.'

'Haw ik it ôfrûne jier net genôch oeroeren makke om dat te fertsjinjen? Dizze man hjirre wit fansels net wat oanpoatsjen is,' seid er sa oer 't skouder, mar de oare beiden holden har stil.

Wylst er in lange reekplom útblies, ferfette it haad syn petear.

'Wannear sil it heve?'

'No snein in wike.'

'No snein in wike.'

It wie de âldste fan 'e beide plysjes dy't no wat sei. Oan dat stuit ta wied er by de muorre stean bleaun, bûten Máirtín syn gesichtsfjild, efter syn maat.

'No snein in wike,' seid er jitrisk. 'De hoefolste binne wy dan?'

'De tweintichste,' antwurde Máirtín, 'teminsten neffens myn kelinder.'

'De tweintichste, neffens dyn kelinder. Is dat de tweintichste ieu? Of tweintich kear tsien pûn, krekt as Pat?'

'Tink derom, do kloatsek,' grânzge syn maat.

'Tweintich july,' sei Máirtín rêstich.

'Tweintich july. Dy datum haw 'k it gefoel dat op ien of oare manier wat mei is, mar it wol my net yn 't sin sjitte. Hasto ek gjin idee wat dat wêze kin, Máirtín?'

Tritich benaude tellen lang hearde Máirtín oars net as Pat syn swier sykheljen boppe syn holle. Hy krige de fraach nochris.

'Hielendal gjin idee?'

Pat sei as earste wer wat.

'Is de finale fan Leinster net krekt op dy dei, Éamonn?'

'Hearken noch ta dat is ek sa, Pat. De finale fan Leinster, wat soe 't oars wêze. Al moat ik hiel earlik sizze, no't myn ploech net meidocht seit it my dochts minder. Dat bêste Wexford, en noch gjin jier neidat se it kampioenskip fan Ierlân wûn hiene. Bisto ien fan hurling, Máirtín?'

'In lyts bytsje.'

'Hat Cork dit jier wat in kâns, tinkste?'

'Yn alle gefallen mear as Wexford.'

Máirtín fielde hoe't Pat syn knokkels hurd op syn plasse delkamen.

'Hâld dyn fetsoen in bytsje, do mislik mantsje.'

Troch it drigemint fan sa'n sljochtwei feech wie Máirtín der hielendal ôf, en hy harke ferwezen en swijend hoe't Éamonn it ferhoar no wer ferfette.

'Hasto net op skoalle sitten, Máirtín?'

'Fansels wol.'

'Fansels wol. Hasto dan skûltsjeboarte by boargerskip, of by skiednis?'

'Hielendal net.'

'En noch hast net foar 't ferstân hoe wichtich oft guon dagen binne. Bygelyks tweintich july.'

It wie wer stil yn 'e romte, oant Pat lang om let it wurd wer naam.

'No, ik wit yn alle gefallen genôch,' seid er. 'Wy sille net mear fan jo tiid nimme. Mar eefkes meikomme, Máirtín, dan sille wy dat in eintsje út.'

Nei in healoere riden oer bochtsjende lânpaadsjes, dan wer yn en dan wer út it skaad fan 'e beammen ûnder in barnende sinne, kamen se by in brechje. Sagau't se dêroer wiene, hold de auto. Neist de wjittering rûn in paadsje, en dat folgen se alhiel oan in stik mei flearebeammen ta.

'Wêr geane wy hinne?'

De beide plysjes rûnen foarop, noflik mei elkoar pratend en sûnder Máirtín acht te slaan, dy't der wol wurk fan hie om har by te hâlden. It wie dúdlik dat se dit paad goed koene, sa fluch rûnen se by de tûken lâns dy't swier fan fleareblosssem oerhongen. Máirtín, dy't efter harren oan kaam, siet al rillegau ûnder in laachje pluzeguod. Doe waard it paad steiler, en it twatal foarop waard swijsumer mei't se omheech trêden. In skoft lang wie der oars net te hearren as it rûzjen fan wetter en it nidige getik fan in imerke, hieltiten krekt in pas foar harren út, altyd mankelyk. Doe waard it paad ynienen wer plat en kamen se by in gebou.

Pat helle in bosk mei kaaien út 'e bûse en nei earst de iene en doe de oare te pebearjen, slagge it him einlings om de tagong fan 't slot te krijen. It gebou hie wol wat fan in wurkplak, mei stikken hout en âld izer ferspraat oer it binnenplak of efteroan op in bult. Wylst er de doar fan in febrykshokje iependie, wonk Pat Máirtín deryn.

Der wie mar kwalik plak foar alle trije yn it kantoarke oan 'e binnenkant, de plysjes hingjend op in buro en Máirtín foar har oer mei de rêch nei it iennichste rût yn 'e romte.

'Wêr sil de resepsje wêze?' frege Éamonn, sadree't de doar ticht wie.

Máirtín neamde de namme fan it hotel, dêr't er by sei dat it ôfsein hie foar de resepsje.

'Ja, wat oars,' sei Pat. 'Ik sjoch wol hoe grut oft dyn leafde is foar it heitelân.'

Mei't er it jaske út die, gied er in walm fan âld swit troch de romte. Wylst Máirtín de siken ynhold, begûn Éamonn wer.

'Wêr sille jim trouwe?'

Máirtín joech him de namme fan 'e tsjerke, mei dêrby dat dy ek ôfsein wie. Se soene in besletten tsjinst oan hûs hawwe, seid er, dat se de plechtichheden fan 'e dei net yn 't paad sieten. Pat kaam no oerein, mar in pear sintimeter fan syn gesicht ôf, wylst er Máirtín traktearre op 'e folle krêft fan syn soere azem.

'Dit is in prachtlân,' seid er, 'mar guon hawwe dêr gjin earbied foar.'

By elk wurd pjukte Máirtín in grouwe finger tsjin it boarst.

'Sokken binne ûnrant,' gied er fierder, wylst er alle kanten op flibe, 'ûnrant dat mar wat oanrommelet. Oerkommelingen!'

Wylst er him wer deljoech, begûn Éamonn wer op 'e selde ynholden toan as earst.

'Wat sil Séamus dwaan?'

'Séamus?'

'De wakker earwearde Séamus, dyn oansteande har omke. De man dy't jim trouwe sil.'

'Wisto wol, Máirtín,' sloech Pat de mûle der wer yn, 'dat wy op it grutste eilân fan 'e wrâld libje op sechstjin nei? It grutste op sechstjin nei. Noch grutter as Siprus, noch grutter as, as Nij Seelân! Dêr hear ik dan sok ûnrant wer net oer, ús lân leech te lizzen.'

'Séamus wie in goeie hurler,' fêrfette Éamonn. 'Ik haw him in pear kear geweken nommen. In lytse, fûleindige rotsak. As it goed is hat er in bêste groede op 'e efterholle fan doe't ik him mei myn hurl-stôk rekke. Sjoch der mar ris nei as er mei de rêch nei jim ta foar it alter stiet.'

'Wy trouwe no dochs net yn tsjerke.'

'Nee, dat is ek sa. Mar wêrom wolle jim eins sa hastich? Wêrom wachtsje jim net gewoan noch in pear jier, oant Séamus syn sulveren prysterskip fiert?'

Wat langer as it ferhoar oanhold yn it neare, benaude kantoarke, wat sleauwer as Máirtín waard. Sa't de sinne him op 'e nekke stie te broeien, fernaam er dat de tonge him hieltiten droeger waard. Barde dit echt, frege er him ôf, waard hy werklik op it harspit nommen om sokssawat ûnskuldichs as syn eigen trouwerij? Doe skrille er op, mei't Pat him boartlik in dúst yn 'e ribben joech.

‘Moatst him no ris sjen, Éamonn, dy glandige âld bok. Hy kin noch net in moanne wachtsje mei trouwen, lit stean in pear jier.’

Wakker mei syn eigen snedigens ynnommen liet er him wer op it buro ploffe, alhiel besteld mei hoastjen en laitsjen.

‘Wat ik noch altiten net begryp,’ sei Pat, ‘is hoe’t se de Apollo oerdei stjoere wolle, as it te ljocht is om de moanne te sjen.’

Hy ried stadich, mei ien hân oan it stjoer wylst de oare in fernimstich ritme tromme op it autodak. Al ridendewei draaide Éamonn him om om Máirtín op ’e efterbank oan te sjen.

‘Hearst him, Máirtín? Hast no oait sok dom praat heard? Hy wol my gewoan te skande meitsje. Afijn, Máirtín, sa dogge wy it. Tweintich july is in nasjonale tinkdei, sa’tsto skoan witst, en dan binne allinnich offisjele plechtichheden tastien. Kom mei in wike of sa eefkes del op it buro mei nije plakken en tiden foar jim trouwerij. Hat dy nea ien ferteld,’ hy draaide him wer nei Pat, ‘oer de tsjustere, holle leechte yn ’e romte? Ik doar te wedzjen dat dat noch neat is by de leechte tusken dyn earen.’

Hja laken noch wakker doe’t se Máirtín der oan ’e kant fan ’e dyk út setten. Foardat se wer fuortrieden, stiek Pat de holle ta ’t rútsje út.

‘Oant nije wike,’ rôp er. ‘En net ferjitte, Máirtín, wy binne it grutste eilân op sechstjin nei. No earst mar it bêste.’

Máirtín bleau earst noch in set stean dêr’t er stie doe’t se al fuortriden wiene, sûnder te ferwegen ûnder de ûnmeilydsume gloede fan ’e sinne. Hy wie wiet fan ’t swit en ek wiet, fan ’e mul ôf nei ûnderen, fan syn eigen stjonkende wetter dat er rinne litten hie.

‘Éamonn by de Ynljochtings. Earlik sein stean ik dêr hielendal net fan te sjen.’

Séamus siet efterhûs mei in glês wiskey yn ’e hân en Máirtín neist him op ’e bank. Der wie laitsjen te hearren troch de kokensdoar, mei dêr geregeld de radio oerémus trochhinne te ratteljen oer de wedstryd yn Croke Park. Cairtriona hie einlings har simmerbrulloft, op ’e dei dy’t hja útsocht hie, en gjin baasspylderij fan boppen soe har it geniet fan dizze dei ûntkeare. Séamus hie har dy moarns troud yn it kapeltsje fierderop. Under de tsjinst hied er soms oerskeakelje moatten op Tagaloch, sa ûnbekend wied er noch mei de nije liturgy yn syn eigen taal. Foar it breidspear hie it fansels net útmakke, dy wiene gewoan bliid dat se troud waarden, hokker taal oft dêr ek ta brûkt waard. Nei de plechtichheid hie it spul him samle yn it plattelânskroechje (fier fan alle nijsgjirrige eagen) fan Cairtriona har âldomke Jack om op ’e lokkige jongelju te klinken. Elk hie in goed sin, de gasten hongen noch wat nei, en yn ’e neimiddei wie Máirtín der eefkes út rûn om ris noflik mei syn nij femyljelid te praten.

‘Hy wie net in minne efterynse,’ ferfette Séamus. ‘Ferdigeners hiene doedestiids gjin moederaasje mei jin, alhielendal net op ’e rân fan it fjild, en Éamonn wie like fûleindich as ien. Ik haw altyd it gefoel hân dat hy sa’n man wie dy’t alles mei ynmoed die as it him wat hjitten waard, benammen as er der sels noch wat oerhinne dwaan koe.’

‘En jo hawwe nea in tsjinstanner te nei west, haw ’k it op.’

‘O, ik koe ek in earsten duvel wêze, foardat ik nei Maynooth ta rekke. Dêrnei ek noch wol, al wie dat net mear op it hurlingfjild.’

‘Maynooth moat jo earst frjemd oankommen wêze.’

Séamus naam in mûlfol fan syn slokje ear’t er antwurd joech.

‘Dat kinst wol sizze, ja. Ik wie noch mar achttjin, en dêrby ek nochris goederleausk. Ik leaude yn myn ropping, persoanlik troch God útkeazen sis mar, mar de regels foelen my net ta. It paste wol by my om nei de Filippinen ta, werklik wier, al wie ik slim ûnwennich fan ús húshâlding. Dêr haw ik myn lûd fûn, oant my de mûle wer teamme waard doe’t ik yn it ferhef kaam tsjin *Humanae Vitae*.’

‘Humane watding?’

Séamus moast eefkes laitsje.

‘Nim my net kweaôf. Soms ferjit ik wolris eefkes dat it tsjerklik regear syn wegen fier foarby it begryp fan ús as gewoane minsken giet. *Humanae Vitae* is in pauslike ensyklyk dy’t alle foarmen fan foarbehoedzjen ferbiedt. Dat stik hold gjin inkelde rekken, sa’t dat yn ’e regel giet mei soks, mei de gefolgen foar de minsken, mar ik die dat al. Myn keppele bestie foar ’t measte part út grutte, earne húshâldings, mei jonge memmen dy’t wol allegeduerigen swier wiene of in bern oan it boarst hiene of allebeide. Doe’t ik opspriek waard ik ferballe nei in lytse parochy yn Luzon yn it noarden, en as dêr net sa’n ferlet fan prysters west hie, hie ik net iens yn it iepenbier de mis lêze mocht.’

‘Jo binne der ûnderwilens net foar omlizzen gien, om it josels wat noflikker te meitsjen?’

‘Nee. Lokkich binne deselden dy’t se altiten op ’e hûd sitte om in died fan gerjochtichheid, blykber, want foar harren komt Gods hearskippij. Do woest dochs ek net omlizzen gean, of al, doe’t it om jim troudei gie, om it dysels wat noflikker te meitsjen?’

‘Jawis woe ’k dat, mar ik wie banger fan Caitríona as fan ’e blaumiggen. As ik deryn om begûn wie te reagjen hie se my it libben hielendal soer makke.’

‘No Máirtín, ik kin dy fertelle dat se oeral binne, sokken dy’t jin op ’e hûd sitte.’

Hja sieten dêr allebeide wat om te glimkjen doe’t Caitríona yn ’e efterdoar ferskynde mei in glês yn ’e hân. In pearle, tochten se beide tagelyk, dy’t it oanwinnende skaad efterhûs opljochtsje liet.

‘Wat fine jim tegearre út?’ sei se, wylst se tusken harren yn sitten gie.

Wylst er in eintsje foar har opskode, antwurde Séamus.

‘Ik frege dizze man krekt hokker tsjoenderij oft er brûkt hie om dy mei him trouwe te litten.’

‘O, jo soene noch net tsjin syn keunsten opwoeksen wêze, Séamus. Ik haw neat mear te sizzen. Hy koe wol leafdesspreuken troch de bûter dien hawwe.’

‘Dat haw ’k ek,’ sei Máirtín, ‘en dy hat se allegear opslobbere.’

Mei’t er tsjin Caitríona prate, tysken syn fingers ûngemurken mei har lange frissels om.

‘Hoe is it binnendoar?’ frege er.

Harren goed tweintich gasten hiene de middei yn ’e koken sitten, aldernoflikst oan it iten en drinken.

‘Bêst genôch,’ sei se. ‘Sa gau as de wedstryd dien is, stekke wy oer nei Hanley-en-dy. Dêr hawwe se tillevyzje, en it delkommen fan ’e Apollo komt der dalik foar.’

‘En de grutte feestlikheden yn Dublin?’

‘Dat koartsje se yn om de oankomst op ’e moanne lyktidich te folgjen.’

‘Net te leauwen! De wrâld is him oan ’t omlizzen, leave, sels hjir by ús.’

‘Dêr wit ik alles fan. Komme jim ek mei?’

Wylst er oerein kaam die Séamus de bril ôf en begûn dy te poetsen.

‘Hoe giet de wedstryd?’ frege er oan Caitríona.

‘Ik wit it suver net, mar neffens my is Kilkenny oan ’t winnen.’

Mei in sucht lei er in hân op Máirtín syn skouder.

‘Dan mar nei de oare kant. De wrâld mei him faaks omlizze, mar guon dingen bliuwe altyd gelyk.’

Doe’t de útstjoering sawat dien wie, hie elk in goed sin, of in sneetsje yn ’t ear, of beide. Hja hiene mei eigen eagen de spoekftige bylden sjoen fan ’e beide astronauten, dy’t elk om bar foet setten op ’e moanne. Doe’t it nacht waard betochten se in útstapke nei Knockeen, in foech heuvel sawat in heale myl dêrwei, om de moanne opkommen te sjen. It waard in nuvere optocht, de sterkste gasten en dy’t it fierst hinne wiene, doe’t se ôfsetten op syk nei it gat yn ’e freding dat se nei de heuveltop ta brocht. Caitríona rûn foarop, en sagau’t se de dauwe ûnder har fuotten fernaam, die se de skuon út. Neist har die Aoife itselde. Aoife, har bêste freondin sûnt harren bernejierren, kreaze Aoife, ien dy’t altyd manljuseagen oanloek. Aoife hie ek neist har stien doe’t se Máirtín foar ’t earst sjoen hie op it feest fan ’e roeiklub.

Hy stie oan 'e taap, en doe't er him omdraaide stiene hja dêr lyk foar him. Earst hied er wat bleueftich de oare kant út sjoen, mar suver fuortendaliks hied er him wer omdraaid om harren oan te sjen. Caitríona fernaam dat syn eagen op har rjochte wiene, mei wat in glim om syn lippen. Hy hie fansels ek wol nei Aoife sjoen, en hokker man soe dat net dwaan, mar doe wied er har wer begûn yn him op te nimmen. Dat hie him allegear yn minder as in menút ôfspile, mar it kaam Caitríona no wer yn 't sin, doe't se hast boppenoan wiene, doe't se syn laits hearde tusken al dy lûden efter har.

Wylst se har omdraaide socht se om Máirtín, mar yn 'e skimer liken alle skaden dy't op har ôf kamen opinoar. Dit wie de man mei wa't se har fierdere libben diele soe – fansels net fanwegen in glim yn 't foarbygean op in dûnserij, al wie dat noch ien fan har dierberste mominten. Se libben no yn wrede tiden, in tiid fan reuzen, it ryk fan ginneraals dy't oan 'e moanne ta rikten. Caitríona wist dat se foar sokken oer warleas wie, en dat se oan harren wil tajaan moast as it sa fier kaam. Doe't se boppenoan kamen, fernaam se einlings Máirtín njonken har. Hy soe ek tajaan, wist se, as er al suver ynstoarte nei net iens in oere by de plysjes op it harspit. Hoe faak hied er al net op har flaaikjen belies jûn, net omdat der wat oan syn aard mankearre mar omdat er fan himsels noflik wie. Mei dy eigenskippen soed er net úthâlde tsjin dy't boppe har stiene, mar sa woe se him hawwe. Hy soe tajaan en hy soe om lyk gean, dizze man dy't se no de earm om 'e mul lei, mar brekke soed er net. Dêr wie se krekt like wis fan as dat se syn kliemerich lûd koe, justjes efter de pûst, dat har yn 't ear lústere.

'Hawwe wy no gewoan ús tiid fergriemd hjirhinne te gean? Wêr yn 'e goedichheid is dy moanne?'

Under in wolketek holden de brulloftsgasten in goed healoere op 'e heuveltop ta, wylst se wat praten en songen. Pas doe't it spoar ûnder har wat yn it moanneljocht begûn te glinsterjen krigen se foar 't ferstân dat de loft opklearre. Troch de gatterige wolken begûn in oanwinnende moanne him sjen te litten, al koe eins net ien him de twa iensume figueren dêrboppen echt foarstelle, dy't dêr oer it oerflak panderen.

'Soene se sliepe?' frege ien.

'In knipperke is no wol it lêste dêr't se oan tinke.'

'Se moatte dêr yn alle gefallen oan moarn ta bliuwe, dy stumpers. Dan moatte se al wat bekomme kinne.'

'Se hawwe it bêd as 't treft wol meinommen.'

'Hoe soene se dêr nei it húske ta gean?'

Yn sok selskip benachte it breidspear, harren earste nacht as man en wiif. Hja harken ta wylst de grapmakkerij trochgie, en op dat stuit woene se nearne oars wêze.

Bytsje by bytsje ferrûn it byinoar wêzen, en Caitríona en Máirtín soene krekt efter de oaren oan wer omleech doe't se de ljochten seagen. Twa foar en twa efter – twa auto's, better net te witten, dy't fan 'e Wiksel ôf dat út kamen. Hja seagen ta wylst de auto's ûnder har lâns kamen en trochrieden oan Jack syn kroech ta, dêr't se koart ho holden. Wylst se op 'e hark stiene sloegen de moters wer oan, en oan it skynsel fan 'e koplampen koene se sjen dat se no weromgiene, harren kant út. Doe't de auto's ûnderoan de heuvel stoppen wie yn 'e stille loft it rauwe lûd klear te hearren fan manlju dy't it ûnderinoar net iens wiene. Doarren sloegen ticht en bûslampen giene oan, wylst dy manlju bochtsjendewei by de heuvel op op har ôf kamen.

Máirtín folge de ljochten mei de eagen doe't er Caitríona har hân sines beetgripen fiede. Hy kniep werom en tegearre seagen se swijend nei it skouspul ûnder har, ûnder de kâlde glâns fan in moanne dy't him der net om feroare.